

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn de ôfrûne moanne wiene der in tal ynsidinten wêrby't de plenning fan wurken yn útfiering ta opskuor laat hawwe. Sa wie by de oanpak fan de Sintrale As gjin rekken holden mei Admiraliteitsdagen yn Dokkum<sup>1</sup> en falt de renovaasje fan de Sânsleatbrêge yn Terherne<sup>2</sup> noch yn it rekreaasjeseizoen. Doarpsbelang en de rekreative ûndernimmers hiene graach sjoen dat de wurksumheden 8 wiken letter útfierd wurde soene.</p> <p>De FNP hat him earder<sup>3</sup> sterk makke foar de ferkearsfeiligens yn Fryslân, ûnder oare by it krusing fan de N357 mei de Doniawei yn Hallum. Op dat plak sil in rotonde<sup>4</sup> komme, en neffens it Provinsjaal Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier<sup>5</sup> soe dy rotonde al yn 2021 oplevere wêze moatten hawwe.</p>
Fraach / fragen	<ul style="list-style-type: none"><li>• Wa bepaalt wannear't in wurk krekt útfierd wurdt (de provinsje as opdrachtjouwer of de oannimmer?) en wêr is dat fan ôfhinklik?</li><li>• Hoe wurde de gemeente, de brûkers en de minsken yn de omjouwing fan in ynfastruktoreel wurk belutsen yn de plenning en útfiering fan de wurksumheden? Hoe kommunisearret de provinsje as opdrachtjouwer mei de brûkers en de minsken yn de omjouwing?</li><li>• Wat docht de provinsje deroan om de oerlêst foar de brûkers en de minsken yn de omjouwing sa lyts mooglik te hâlden? Docht de provinsje ûndersyk nei ferskillende aspekten fan oerlêst en (ekonomyske) skea oan treden en wat docht de provinsje deroan om dy oerlêst en skea safolle mooglik te beheinen?</li><li>• Wêrom wie it yn Terherne net mooglik om it wurk oan de brêge pas nei it rekreaasjeseizoen út te fieren? Wat is de te ferwachtsjen skea foar de toeristyske ûndernimmers en de reputaasje fan Terherne as wettersportplak? Fynt it kolleezje dat de belangen op in goede wize ôfwage binne?</li><li>• De nije rotonde by de Doniawei dy't yn Hallum oanlein wurde sil om de feiligens dêr te ferbetterjen soe neffens it Utfieringsprogramma yn 2021 al oplevere wurde. Wat is de reden dat dizze rotonde der noch net leit?</li><li>• Wannear sil der mei de oanlis begûn wurde, en hoe binne de ynwenners fan Hallum en de gemeente by de plenning en fuortgong belutsen of wurde se dêrfan op de hichte holden?</li></ul>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Wopke Veenstra
Datum	30 augustus 2022

<sup>1</sup> Hjiroer binne fragen steld troch de FNP: *Skriftlike fragen Underhâld Sintrale As en Admiraliteitsdagen*, 18 augustus 2022;

<sup>2</sup> Omrop Fryslân, *'Brêge by Terherne wurdt no opknapt, ta ergernis fan doarpsbelang en toeristen'*, 27 augustus 2022 en LC, *'Midden in vaarseizoen zit Terherne met gestremde brug'*, 30 septimber 2022;

<sup>3</sup> LC, *'FNP wil opheldering over aanpak gevaarlijk kruispunt Hallum'*, 25 oktober 2021 en LC, *'Gevaarlijke kruising Hallum aangepakt, fietstunnel bij rotonde Marsum'*, 12 febrewaris 2020;

<sup>4</sup> LC, *'De probleemkruising bij Hallum wordt een rotonde. Dorp wil nu fietspad langs Doniawei aanpakken'*, 25 oktober 2021;

<sup>5</sup> *Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier 2022*, oktober 2021 en *Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier 2021*, oktober 2020;